

Hans Van de Velde

It fertutearzjen fan it Frysk

De verwaarlozing van het Fries

Oraasje
Oratie



FRYSKE  AKADEMY



Universiteit Utrecht

FAF 



It fertutearzjen fan it Frysk

© 2021 Fryske Akademy, Ljouwert

Hans Van de Velde

Foarmjouwing en printwurk: GPNo, De Jouwer

Oersetting Frysk: Pieter Duijff, Fryske Akademy

Fotografy/yllustraasjes: Fryske Akademy, Tresoar,

Universiteit Utrecht en Hindrik Sijens

De ynhâld fan dizze útjefte mei brûkt wurde mei namme-/

boarnefermelding foar net kommersjeel gebrûk, neffens CC BY 4.



nr. 1120

It fertutearzjen fan it Frysk

Hans Van de Velde

Oratie uitgesproken op woensdag 4 maart 2020, 16.15 uur, vanwege zijn hoogleraarschap *Sociolinguïstiek, met bijzondere aandacht voor de taalvariëteiten in Fryslân*, in de faculteit Geesteswetenschappen aan de Universiteit Utrecht.

It fertutearzjen fan it Frysk

© 2021 Fryske Akademy, Leeuwarden

Hans Van de Velde

Vormgeving en drukwerk: GPNo, Joure

Vertaling Fries: Pieter Duijff, Fryske Akademy

Fotografie/illustraties: Fryske Akademy, Tresoar,

Universiteit Utrecht en Hindrik Sijens

De inhoud van deze uitgave mag worden gebruikt met naam-/

bronvermelding voor niet-commercieel gebruik, volgens CC BY 4.



Ger de Haan
Hans Van de Velde
Arjen Versloot
Goffe Jensma

Op 4 maart 2020 hold Hans Van de Velde yn it Akademygebou fan de Universiteit Utert syn oraasje as heechlearaar *Sosjolinguistyk*, oangeande de *taalfariëteiten yn Fryslân*. Dizze brosjure – It fertutearzen fan it Frysk – is dêr in bekoarte bewurking fan. De orizjinele tekst en yllustraasjes fan de oraasje en de digitale ferzje fan de brosjure binne te finen op www.fryske-akademy.nl/oraasje/.

Op 4 maart 2020 hield Hans Van de Velde in het Academiegebouw van de Universiteit Utrecht zijn oratie als hoogleraar *Sociolinguïstiek*, met betrekking tot de *taalvariëteiten in Fryslân*. Deze brochure – It fertutearzen fan it Frysk – is daar een ingekorte bewerking van. De originele tekst en illustraties van de oratie en de digitale versie van de brochure zijn te vinden op www.fryske-akademy.nl/oraasje/.

Friesland of Fryslân?


In het structuurrapport van de Faculteit Geesteswetenschappen van de Universiteit Utrecht heet deze leerstoel **Sociolinguïstiek, met betrekking tot de taalvariëteiten in Fryslân**. In een voetnoot wordt erop gewezen dat Fryslân sinds 1997 de officiële benaming is voor de provincie die in het Nederlands doorgaans Friesland genoemd wordt.

In officiële stukken moet je dus *Fryslân* gebruiken. Bij de bespreking van de voordracht voor deze leerstoel door het college van promoties zat een meerderheid Friezen aan tafel. Zij gaven echter de voorkeur aan Friesland en zo staat het ook in de benoemingsbrief. Het doet enigszins plezier dat de bestuurders van de Universiteit Utrecht de officiële regels aan hun laars durven lappen – ik ben zelf ook wel eens burgerlijk ongehoorzaam –

Friesland of Fryslân?

Yn it struktuerreport fan de Fakulteit Geesteswetenschappen fan de Universiteit Utert hjit dizze learstoel **'Sociolinguïstiek, met betrekking tot de taalvariëteiten in Fryslân'**. Yn in fuotnoat wurdt derop wiisd dat Fryslân sûnt 1997 de offisjele namme is foar de provinsje dy't yn it Nederlânsk ornaris Friesland neamd wurdt.

Yn offisjele stikken moat men sadwaande 'Fryslân' brûke. By it bepraten fan de foardracht foar dizze learstoel troch it kolleezje fan promoasjes siet in mearheid Friezen by de tafel. Hja hiene lykwols leaver 'Friesland' en sa stiet it ek yn de benoemingsbrief. Men kin der wol in bytsje wille om hawwe dat de bestjoerders fan de Universiteit Utert it oandoare om harren net oan 'e offisjele regels te steuren – ik bin sels ek wolris boargerlik oerhearrich – mar



tagelyk wurd ik der ek ferrietlik fan: lytse, symboalyske ferwurvenheden, lykas it huodsje op de a, wurde te min oangrepen om de sichtberens fan it Frysk te fergrutsjen. Mar der is doch wat fan feroaring te fernimmen. De jierlikse kryst- en nijjiersgroet fan de Fakulteit Geesteswetenschappen wie yn 2019 in bysûndere groet, want de dekaan, Keimpe Algra, in Fries, hie keazen foar de slotrigels fan in gedicht fan Obe Postma, yn it Frysk.

In oraasje mei in Fryske titel is nei alle gedachten in primeur oan in Nederlânske universiteit. It is wol wis dat dit de earste learstoel sosjolinguiestyk is oan de Universiteit Utert, it omtinken foar it Frysk stuolket dan wer op in lange tradysje.

maar tegelijkertijd stemt het me ook droevig: kleine, symbolische verworvenheden, zoals het hoedje op de a, worden onvoldoende aangegrepen om de zichtbaarheid van het Fries te vergroten. Maar er is verandering merkbaar. De jaarlijkse kerst- en nieuwjaarsgroet van de Faculteit Geesteswetenschappen was in 2019 een bijzondere groet, want de dekaan, Keimpe Algra, een Fries, had gekozen voor de slotregels van een gedicht van Obe Postma, in het Fries.

Een oratie met een Friese titel is vermoedelijk een primeur aan een Nederlandse universiteit. Het is wel zeker dat dit de eerste leerstoel sociolinguïstiek is aan de Universiteit Utrecht, de aandacht voor het Fries stoelt dan weer op een lange traditie.



Foarrinders

De woartels fan de universitêre frisytyk lizze op de Universiteit Utert. Foeke Buitenrust Hettema joech der ein 19^{de} iuw kolleezjes Aldfrysk en Nijfrysk. Hy wie privaatdosint, dat is in net-betelle posysje en wie in manier om mei nije akademyske fakgebieten fan ein te gean. Hy bleau privaatdosint oant er yn 1922 weirekke. Fan 1935 oant 1991 wiene der fiif bysûnder heechleararen Fryske Taal- en letterkunde: Godard Gosses, Wybren Jan Buma, Pieter Gerbenzon, Henk Miedema en Ger de Haan. De lêste trije ferlieten de UU om heechlearaar yn Grins te wurden. Dizze learstoel is min ofte mear, nei hast tritich jier, de folgjende op de rige. Mar dochs net hielendal, want de learopdracht leit him no net ta op de *Fryske taal- en letterkunde*, mar wol op de *taalsituaasje yn Fryslân*, út in sosjolingwistysk perspektyf.



Foeke Buitenrust Hettema
1897-1922



Godard Gosses
1935-1949




Wybren Jan Buma
1949-1956



Pieter Gerbenzon
1957-1964



Henk Miedema
1966-1984



Ger de Haan
1986-1990

Voorlopers

De wortels van de universitaire frisytyk lizze op de Universiteit Utrecht. Foeke Buitenrust Hettema gaf er eind 19^e eeuw colleges Oudfries en Nieuwfries. Hij was privatdocent, dat is een onbezoldigde positie en was een manier om nieuwe academische vakgebieden op te starten. Hij bleef privatdocent tot zijn dood in 1922. Van 1935 tot 1991 waren er vijf bijzonder hoogleraren Friese Taal- en Letterkunde: Godard Gosses, Wybren Jan Buma, Pieter Gerbenzon, Henk Miedema en Ger de Haan. De laatste drie verlieten de UU om hoogleraar in Groningen te worden. Deze leerstoel is in zekere zin, na bijna dertig jaar, de volgende in de rij. Maar toch niet helemaal, want de leeropdracht spitst zich nu niet toe op de *Friese taal- en letterkunde*, maar wel op de *taalsituatie in Fryslân* vanuit een sociolinguïstisch perspectief.

Wat is sociolinguïstiek?

Sociolinguïsten bestuderen de relatie tussen taal en maatschappij. Er zijn drie soorten.

- De taal**socioloog** onderzoekt hoe talen functioneren in de maatschappij en buigt zich over praktische vragen zoals:
 - Kunnen we in het Friese basisonderwijs beter Fries, Nederlands en Engels door elkaar gebruiken of verbinden we de talen aan vakken, docenten of dagdelen?
 - Wat zijn de voor- en nadelen van zorgverlening in het Fries?
 - Hoe kunnen we de vitaliteit van minderheidstalen – zoals het Fries of het Baskisch – verbeteren?
 - Waarom is het Fries nauwelijks zichtbaar in het straatbeeld?
 - In welke sociale media wordt het Fries gebruikt?
- De taal**psycholoog** onderzoekt wat mensen denken van talen en taalvariëteiten, hoe via taal het gedrag of taalgebruik beïnvloed wordt en hoe je via taal je identiteit vormgeeft, bijvoorbeeld:
 - Wat vinden Friezen en Nederlanders van het Fries?
 - Klink je met de ene r hipper, slimmer en rijker dan met een andere r? En profileer je je met een Gooise r in het Fries als een hippe jonge meid?
 - Waarom appen jongeren in het Fries?



Wat is sosjolinguiestyk?

Sosjolinguiisten bestudearje de relaasje tusken taal en maatskippij. Der binne trije soarten.

- De taal**soajolooch** ûndersiket hoe't talen funksjonearje yn de maatskippij en bûcht him oer praktyske fragen lykas:
 - Kinne wy yn it Fryske basisûnderwiis better Frysk, Nederlânsk en Ingelsk trochinoar brûke of ferbine wy de talen oan fakken, dosinten of deidielen?
 - Wat binne de foar- en neidielen fan it jaan fan soarch yn it Frysk?
 - Hoe kinne wy de fitaliteit fan minderheidstalen – lykas it Frysk of it Baskysk – ferbetterje?
 - Wêrom is it Frysk skraachwurk te sjen yn it strjitbyld?
 - Yn wat sosjale media wurdt it Frysk brûkt?
- De taal**psycholooch** ûndersiket wat minsken tinke fan talen en taalfariëteiten, hoe't troch taal it hâlden en dragen of taalgebrûk beynfloede wurdt en hoe't men troch taal jins identiteit foarmjout, bygelyks:
 - Wat fine Friezen en Nederlanners fan it Frysk?
 - Klinkst mei de iene r hipper, tûker en riker as mei de oare r? En profilearrest dy mei in Goaiske r yn it Frysk as in hip jongfaam?
 - Wêrom appt de jongerein yn it Frysk?


- De taal**fariasjonist** sjocht benammen nei wat der yn de taal sels bart. Hokker ferskillen binne der en hoe ferrint taalferoaring? Bygelyks:
 - Wat binne de útspraakferskillen yn it Frysk, hingje dy ôf fan it regionaal komôf en/of de mjitte fan twataligens en wurde dy ferskillen grutter of lytser?
 - Wat Fryske skaaimerken siperje – al of net murken – troch yn it Nederlânsk fan Friezen? Wat binne de oarsaken dêrfan?
 - Binne de feroaringen yn it Frysk allegearre in gefolch fan kontakt mei it Nederlânsk en wurdt it Frysk *Frollânsk*?
 - Hoe sjocht it Frysk yn apps der krekt út?

Ik bin benammen fan de tredde soarte, mar ik haw op alle mêden warber west. De learstoel sil dat ek dwaan. Neist it spesjale omtinken foar de taalsituaasje yn Fryslân, wolle wy it fakgebiet fernije mei in nije beneiering: laboratoariumsosjolinguiestyk.



- De taal**variationist** kijkt vooral naar wat er binnen de taal zelf gebeurt. Welke verschillen zijn er en hoe verloopt taalverandering? Bijvoorbeeld:
 - Wat zijn de uitspraakverschillen binnen het Fries, hangen die af van de regionale herkomst en/of mate van tweetaligheid en worden die verschillen groter of kleiner?
 - Welke Friese kenmerken sijpelen – gemerkt of ongemerkt – door in het Nederlands van Friezen? Wat zijn de oorzaken daarvan?
 - Zijn de veranderingen in het Fries allemaal het gevolg van contact met het Nederlands en wordt het Fries *Frollands*?
 - Hoe ziet het Fries in apps er precies uit?

Ik ben vooral van de derde soort, maar heb me op alle terreinen begeven. Ook de leerstoel zal dat doen. Naast de speciale aandacht voor de taalsituatie in Fryslân, willen we het vakgebied vernieuwen met een nieuwe benadering: laboratoariumsociolinguïstiek.



Taalfariëteiten yn Fryslân

Fryslân is in meartalige provinsje: neist it Nederlânsk en it Frysk wurde der noch oare fariëteiten praat. Op de kaart is ynkleure hokker fariëteiten oft wêr yn de provinsje praat wurde. It Nederlânsk wurdt nammers yn de hiele provinsje praat: alle memmetaalpraters fan it Frysk of ien fan de oare fariëteiten prate ek Nederlânsk.

- **Blau:** de gebieten dêr't Frysk praat wurdt.
 - Fan ljocht nei donker ûnderskiede wy trije dialektgroepen: Súdwesthoeksk, Klaaifrysk en Wâldfrysk.
 - Dêrneist binne der noch guon perifere Fryske dialekten dy't dúdlik oars binne: it Hylpersk, it Skiermûntseagersk en it Westersk en Eastersk op Skylge.
- **Read-brún:** Frysk-Nederlânske kontaktfariëteiten:
 - donkere tint: de ûnderskate fariëteiten fan it Stedfrysk.
 - ljochtere tint: Amelânsk, Biltsk, Midslânsk en Súd-Lauwerslânsk.
- **Wyt:** Stellingwerfsk, dêr't in Nedersaksysk dialekt praat wurdt.
- **Giel:** Flylân, dêr't in Nederlânsk dialekt praat wurdt.



Taalvariëteiten in Fryslân

Fryslân is een meertalige provincie: naast het Nederlands en het Fries worden er nog andere variëteiten gesproken. Op de kaart is ingekleurd welke variëteiten waar in de provincie gesproken worden. Het Nederlands wordt trouwens in de hele provincie gesproken: alle moedertaalsprekers van het Fries of een van de andere variëteiten spreken ook Nederlands.


- **Blauw:** de gebieden waar Fries gesproken wordt.
 - Van licht naar donker onderscheiden we drie dialectgroepen: Zuidwesthoeks, Kleifries en Woudfries.
 - Daarnaast zijn er nog enkele perifere Friese dialecten die duidelijk anders zijn: het Hindeloopers, het Schiermonnikoogs en het Westers en Oosters op Terschelling.
- **Rood-bruin:** Fries-Nederlandse contactvariëteiten:
 - donkere tint: de verschillende variëteiten van het Stadfries.
 - lichtere tint: Amelands, Bilts, Midslands en Zuid-Lauwerslands.
- **Wit:** Stellingwerfs, waar een Nedersaksisch dialect gesproken wordt.
- **Geel:** Vlieland, waar een Nederlands dialect gesproken wordt.

Het gebruik van het Fries

De afgelopen decennia hebben medewerkers van de Fryske Akademy vier taalsurveys uitgevoerd bij inwoners van Fryslân om zicht te krijgen op het gebruik van het Fries.

Moedertaal

Het taartdiagram geeft een samenvatting van de antwoorden op de vraag “wat heb je als kind eerst leren praten?” Het valt meteen op dat in 2015 heel wat Friezen van in de wieg tweetalig opgegroeid zijn (17%) en dat een ruime meerderheid (61%) Fries als moedertaal heeft. Er zijn dus op dit ogenblik, in de provincie Fryslân, ongeveer 400.000 moedertaalsprekers Fries.



Wat heb je als kind eerst leren praten?
Fries 61%
Tweetalig 17%

bron: Klinkenberg et al. (2018)

It brûken fan it Frysk

De lêste desennia hawwe meiwurkers fan de Fryske Akademy fjouwer taalsurveys útfierd by ynwenners fan Fryslân om sicht te krijen op it brûken fan it Frysk.

Memmetaal

It taartdiagram jout in gearfetting fan de antwurden op de fraach “wat hast as bern earst praten leard?” It falt fuortdaliks op dat yn 2015 in hiel soad Friezen fan pop ôf twatalich opgroeid binne (17%) en dat in mearheid (61%) Frysk as memmetaal hat. Der binne dus op dit stuit, yn de provinsje Fryslân, likernôch 400.000 memmetaalpraters Frysk.

Thústaal


Wat wurdt thús mei partner en/of bern praat?

Op basis fan de fjouwer taalsurveys kinne wy de evolúsje fan de lêste fyftich jier besjen. Wy sjogge in fikse prosintuele delgong yn it brûken fan it Frysk yn de santiger jierren. It tal húshâldingen dêr't Nederlânsk praat wurdt, nimt foars ta. Dat komt net allinnich troch ymmigraasje út oare parten fan Nederlân nei Fryslân ta, mar ek troch jonge âlden dy't ûnderinoar Nederlânsk prate en/of beslute om harren bern yn it Nederlânsk grut te bringen. Fan de tachtiger jierren ôf bliuwt de situaasje stabyl: yn ryklik de helte fan de húshâldingen wurdt thús Frysk praat.

Thuistaal

Wat spreek men thuis met partner en/of kinderen?

Op basis van de vier taalsurveys kunnen we de evolutie in de afgelopen vijftig jaar bekijken. We zien een stevige procentuele daling in het gebruik van het Fries in de jaren 1970. Het aantal gezinnen waar Nederlands gesproken wordt, neemt fors toe. Dit wordt niet alleen veroorzaakt door immigratie uit andere delen van Nederland naar Fryslân, maar ook door jonge ouders die onder elkaar Nederlands spreken en/of besluiten hun kinderen in het Nederlands groot te brengen. Vanaf de jaren 1980 blijft de situatie stabiel: in ruim de helft van de gezinnen wordt thuis Fries gesproken.



Wat spreek je thuis?

■ Fries
■ Nederlands
■ Regionale + andere talen

bron: Klinkenberg et al. (2018)

Hoe goed kennen de Friezen Fries?

De meeste inwoners begrijpen het Fries wel. Het kunnen spreken zit weer in de lift na het dieptepunt in de laatste twee decennia van de twintigste eeuw. Bij lezen is er ook een sterke stijging: nu rapporteren zes Friezen op tien dat goed of heel gemakkelijk te kunnen. Het spectaculairst is de toename bij het schrijven: in 1984 beweerde amper 2% dat goed of heel gemakkelijk te kunnen, in 2015 is dat gestegen naar 18%. Laat dit het succes zien van het Friese taalbeleid en het onderwijs? Om die vraag te beantwoorden zoomen we nog iets meer in op het schrijven. Slechts 10% geeft aan nooit Fries te schrijven. 30% van de Friezen jonger dan dertig schrijft *iedere dag* in het Fries. Maar wat schrijven ze dan? Zeker geen officiële brieven. Het zijn vooral WhatsApp- en sms-berichten. Meer dan 90% van de vijftigminners doet dat wel eens. Niet zo verwonderlijk, want dit zijn vormen van privéconversaties die dicht bij de gesproken taal aanleunen.

In Fryslân wordt dus een verscheidenheid aan nauw verwante taalvariëteiten gesproken en een groot deel van de inwoners is **meertalig** en gebruikt het **Fries dagelijks**. Het Fries lijkt de afgelopen decennia aan vitaliteit te winnen, maar het blijft een **minderheidstaal** die in een officiële context nauwelijks geschreven wordt. De provincie is een natuurlijk laboratorium voor sociolinguïstisch onderzoek, maar het Fries heeft misschien wel een extra steuntje nodig vanuit het beleid.



Hoe goed kenne de Friezen Frysk?

De measte ynwenners begripe it Frysk wol. It prate kinne sit wer yn de lift nei it djiptepunt yn de lêste twa desennia fan de tweintichste iuw. By lêzen is der ek in sterke stiging: no rapportearje seis Friezen op tsien dat goed of hiel maklik te kinnen. It spektakulêrst is it tanimmen by it skriuwen: yn 1984 ornearre amper 2% dat goed of hiel maklik te kinnen, yn 2015 wie dat omheech gien nei 18%. Lit dat it sukses sjen fan it Fryske taalbelied en it ûnderwiis? Om dy fraach te beäntwurdzjen zoome wy noch wat mear op it skriuwen yn. Mar 10% jout oan nea Frysk te skriuwen. 30% fan de Friezen jonger as tritich skriuwt alle dagen yn it Frysk. Mar wat skriuwe se dan? Yn gjin gefal offisjele brieven. It binne benammen WhatsApp- en sms-berjochten. Mear as 90% fan de fyftichminners docht dat wolris. Neat net nuver, want dat binne foarms fan privee-konversaasjes dy't nei tsjin de sprutsen taal oanhingje.

Yn Fryslân wurdt dus in ferskaat fan nei besibbe taalfariëteiten praat en in grut part fan de ynwenners is **meartalich** en brûkt it **Frysk alle dagen**. It Frysk liket de lêste desennia oan fitaliteit te winnen, mar it bliuwt in **minderheidstaal** dy't yn in offisjele kontekst amper skreaun wurdt. De provinsje is in natuerlik laboriotoarium foar sosjolingwistysk ûndersyk, mar it Frysk hat faaks wol út it belied wei ferlet fan ekstra stipe.

It Frysk yn de wetjouwing

It Frysk wurdt beskerme troch wetten en regeljouwingen op trije nivo's: Europeesk, nasjonaal en provinsjaal.

De earste wetten om it brûken fan it Frysk hinne yn it ûnderwiis en yn de rjochtbank datearje fan healwei de fyftiger jierren fan de foarige iuw. Yn 1995 folge de erkenning as bestjoerstaal. In wichtige mylpeal is de *Wet gebruik Friese taal*, dy't yn 2014 fan krêft waard.

De wichtichste punten fan dy wet binne:

1. Nederlânsk en Frysk binne de offisjele talen yn de provinsje Fryslân.
2. Ryk en Provinsje hawwe in mienskiplike ferantwurdlikheid en soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer, fêstlein yn periodike bestjoersôfspraken.
3. It brûken fan it Frysk yn de administraasje en it gerjocht is beregele.
4. Der wurdt in Orgaan foar de Fryske taal ynsteld, dat de gelikense posysje fan it Frysk en it Nederlânsk yn de provinsje Fryslân befoarderje moat.

Dingtiid, it Orgaan, is in ferriking foar en jout ferromming yn it debat om de Fryske taal en kultuer hinne. Dingtiid wurdt troch ryk en provinsje finansiëre en jout de bestjoerders geregeldwei frege en net-frege advys. Dingtiid harket dêrby likegoed nei professionals, wittenskippers en aktivisten as nei gewoane minsken. Hja stelle harren dêrby ûnôfhinklik op.

D / N G
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

Het Fries in de wetgeving


Het Fries wordt beschermd door wetten en regelgevingen op drie niveaus: Europees, nationaal en provinciaal.

De eerste wetten rond het gebruik van het Fries in het onderwijs en in de rechtbank dateren uit het midden van de jaren 1950. In 1995 volgde de erkenning als bestuurstaal. Een belangrijke mijlpaal is de *Wet gebruik Friese taal*, die in 2014 van kracht werd.

De belangrijkste punten van die wet zijn:

1. Nederlands en Fries zijn de officiële talen in de provincie Fryslân.
2. Rijk en Provincie hebben een gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht voor de Friese taal en cultuur, vastgelegd in periodieke bestuursafspraken.
3. Het gebruik van het Fries in de administratie en het gerecht is beregele.
4. Er wordt een Orgaan voor de Friese taal ingesteld, dat de gelijke positie van het Fries en het Nederlands in de provincie Fryslân moet bevorderen.

Dingtiid, het Orgaan, is een verrijking en verademing in het debat rond de Friese taal en cultuur. Dingtiid wordt door rijk en provincie gefinancierd en voorziet de bestuurders geregeld van gevraagd en ongevraagd advies. Dingtiid legt daarbij haar oor te luisteren bij zowel professionals, wetenschappers en activisten als gewone mensen. Ze stellen zich daarbij onafhankelijk op.



De **taalrjochten fan de boargers** en de **taalplichten fan de oerheid** yn ferkear mei bestjoersorganen binne frij detaillearre fêstlein. Twa punten fertsjinje ús omtinken:

- Alderearst hantearret de Nederlânske oerheid it territorialiteitsprinsipe: Frysk mei, mar allinnich binnen de grinzen fan de provinsje Fryslân. Sagau't men út de provinsje wei giet of de adressedarre ynstânsje bûten Fryslân is, dan ferfalt it rjocht op it brûken fan it Frysk.
- Twad hat in Nederlânsktalige yn Fryslân omtrint altyd it rjocht om Nederlânsk te brûken. Utsûnderingen op de algemiene ferplichtingen en ûtsnappingsklausulen binne benammen ta gerief fan it Nederlânsk. Dat betsjut dat de hjoeddeiske wetjouwing de lykweardigens fan Frysk en Nederlânsk yn de wei stiet en de dominânsje fan it Nederlânsk bekrêftiget.



Dat het Fries en het Nederlands niet gelijkwaardig zijn, werd medio februari nog eens duidelijk gemaakt. Samen met collega's Jensma, Versloot en Bremmer had ik aan de minister van Onderwijs, Cultuur en Wetenschappen een open brief geschreven over de positie van de studie Fries aan de universiteiten. Naar aanleiding van die brief stelde Kamerlid Harry van der Molen schriftelijke vragen in het Fries. Hij kreeg zijn vragen retour omdat ze niet in het Nederlands waren. Van der Molen heeft toen in het belang van het Fries zijn Friese koppigheid onderdrukt en de vragen alsnog in het Nederlands gesteld.

In de Bestuursafpraak Friese taal en cultuur zijn – voor periodes van vijf jaar en conform het Europees Handvest – vrij gedetailleerde afspraken vastgelegd tussen rijk en provincie, die de hele samenleving bestrijken. Uitgangspunt daarbij is het waarborgen én bevorderen van het Fries, waarbij de Friese taal niet enkel een recht is, maar ook een *vanzelfsprekendheid*. Speerpunt is dat de Friezen geen analfabeet meer zijn in hun eigen taal. Rijk en provincie koppelen er ambitieuze en concrete doelstellingen voor 2030 aan vast:

1. Een stijging met 10% van het aantal moedertaalsprekers dat goed Fries kan lezen en schrijven.
2. Een stijging met 10% van het aantal niet-moedertaalsprekers dat goed Fries kan verstaan en spreken.
3. De verdere ontwikkeling van Fryslân als kennisregio met expertise ten aanzien van het Fries in een meertalig perspectief.

In de Bestuursafpraak wordt ook aangekondigd dat onderzocht zal worden of de huidige Wet gebruik Friese Taal, die gaat over administratief verkeer en rechtspraak, in een bredere kaderwet kan worden omgezet.



Yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer binne – foar perioaden fan fiif jier en konfoarm it Europeesk Hanfêst – frij detaillearre ôfspraken fêstlein tusken ryk en provinsje, dy't de hiele maatskippij bestrike. Utgongspunt dêrby is it garandearjen én befoarderjen fan it Frysk, dêr't de Fryske taal net inkeld en allinnich in rjocht by is, mar ek in *fanselsprekkendheid*. Spearpunt is dat de Friezen gjin analfabeet mear binne yn

harren eigen taal. Ryk en provinsje keppelje der ambisjeuze en konkrete doelstellingen foar 2030 oan fêst:

1. In stiging mei 10% fan it tal memmetaalpraters dat goed Frysk lêze en skriuwe kin.
2. In stiging mei 10% fan it tal net-memmetaalpraters dat goed Frysk ferstean en prate kin.
3. De fierdere ûntjouwing fan Fryslân as kennisregio mei ekspertize oangeande it Frysk yn in meertalich perspektyf.

Yn de Bestjoersôfspraak wurdt ek oankundige dat ûndersocht wurde sil oft de hjoeddeiske Wet gebruik Friese taal, dy't giet oer administratyf ferkear en rjochtspraak, yn in bredere ramtwet omset wurde kin.

Moaie plannen, mar foldocht it Frysk nei krapoan 25 jier oan de easken fan it Europeesk Hanfêst? Mercator, it Europeesk kennisintrum foar meartaligens en taallearen én in provinsjaal paradehynderke fan de grinskrusende ynternasjonale útwikseling dat oan de Fryske Academy ferbûn is, ûndersocht de oardielen fan de fiif kommissjes fan experts tusken 2001 en 2016. It docht bliken dat yn krúsiale maatskiplike domeinen lykas ûnderwiis, media en publike tsjinstferliening de minimumeasken hyn noch te nei net allegearre ta in útdragen saak kommen binne. Dêr lit de Nederlânske oerheid it noch wakker sitte. Der moat dus noch hiel wat barre, en ryk en provinsje hawwe dat mar al te goed yn 'e rekken.

Oant safier de taalsituaasje yn Fryslân, no werom nei de titel *It fertutearzjen fan it Frysk*. Wat is fertutearzje?

Mooie plannen, maar voldoet het Fries na bijna 25 jaar aan de vereisten van het Europees Handvest? Mercator, het aan de Fryske Academy verbonden Europees kenniscentrum voor meertaligheid en taalleren én een provinciaal paradepaardje van de grensoverschrijdende internationale uitwisseling, onderzocht de oordelen van de vijf commissies van experts tussen 2001 en 2016. Het blijkt dat in cruciale maatschappelijke domeinen zoals onderwijs, media en publieke dienstverlening de minimumeisen nog lang niet allemaal vervuld worden. Hier schiet de Nederlandse overheid nog duidelijk tekort. Er is dus nog werk aan de winkel, en rijk en provincie zijn zich daar terdege van bewust.

Tot zover de taalsituatie in Fryslân, nu terug naar de titel *It fertutearzjen fan it Frysk*.

TAALWEB FRYSK

Foarkarswurdlist Staveringshifker Oersetter Wurdboekportaal Downloads

<< Werom nei sykresultaat

fertutearzje tiidwurd, [fətüt.təzjə] fertutearze, fertutearze

Wurdboek: Frysk Hânwurdboek
 Oersettingen(nl): **verworden**
 Taaleigen: de boel/dat minske fertutearzet (Sykje)
 dy fint fertutearzet syn húshâlding (Sykje)

1

Betsjutting(fr): bedjerre, yn kwaliteit efterútgean troch gjin soarch te besteegjen oan, net genôch omtinken te jaan oan, ûngebrûklik/ferwurde litte
 Synonimen(fr): ferwurde, omkomme, fersleaukje

<< Werom nei sykresultaat

Wat is fertutearzje?

We kunnen het opzoeken in de digitaal raadpleegbare Friese woordenboeken, geschreven door de lexicografen van de Fryske Akademy. In het *Frysk Hânwurdboek* vinden we “bederven, in kwaliteit achteruitgaan door er geen zorg of niet genoeg aandacht aan te besteden”.

Wordt het Fries taalkundig verwaarloosd?

De taalkunde is – hoewel het de laatste jaren wat minder lijkt te worden – een bloeiend wetenschapsgebied in Nederland. Het Nederlands is – samen met twee andere, veel grotere West-Germaanse talen, het Engels en het Duits – een van de best onderzochte talen in de wereld. Maar de vierde West-Germaanse taal én tweede rijkstaal van dit land, lijkt op veel minder wetenschappelijke aandacht te kunnen rekenen. Taalkunde in Nederland / Linguistics in the Netherlands geeft een jaarlijkse staalkaart van de taalkundige bedrijvigheid. In de periode 1970-2019 wordt in amper 13 van de 798 bijdragen het Fries onderzocht. Het Fries komt er dus zeer bekaaid af en ook in andere taalkundige tijdschriften komt het Fries weinig aan bod. In de tijdschriften op het gebied van de frisistiek, zijn de bijdragen van ‘gewone’ Nederlandse taalkundigen bijzonder schaars. Dit beeld is niet alleen het gevolg van weinig belangstelling vanuit taalwetenschappelijk Nederland voor het Fries. Ook de Friese taalkundigen zelf hebben hun werk te weinig op de nationale en internationale podia gepresenteerd.



Wy kinne it opsykje yn de digitaal te befreegjen Fryske wurdboeken, skreaun troch de leksikografen fan de Fryske Akademy. Yn it *Frysk Hânwurdboek* fine wy “bedjerre, yn kwaliteit efterútgean troch gjin soarch te besteegjen oan, net genôch omtinken te jaan oan”.

Wurdt it Frysk taalkundich fertutearze?

De taalkunde is – hoewol't it de lêste jierren wat minder liket te wurden – in tierend wittenskipsmêd yn Nederlân. It Nederlânsk is – tagelyk mei twa oare, folle gruttere West-Germaanske talen, it Ingelsk en it Dútsk – ien fan de bêst ûndersochte talen yn de wrâld. Mar de fjirde West-Germaanske taal én twadde rykstaal fan dit lân, liket op folle minder wittenskiplik omtinken rekkenje te kinnen. Taalkunde yn Nederlân / Linguistics in the Netherlands jout in jierlikse staalkaart fan de taalkundige bedriuwichheid. Yn de perioade 1970-2019 wurdt yn amperoan 13 fan de 798 bydragen it Frysk ûndersocht. It Frysk komt dus tige oan krapperein en yn oare taalkundige tydskriften komt it Frysk ek in bytsje oan bod. Yn de tydskriften op it mêd fan de frisistyk, binne de bydragen fan ‘gewoane’ Nederlânske taalkundigen tin siedde. Dat byld is net allinnich it gefolch fan in bytsje niget oan it Frysk út taalwittenskiplik Nederlân wei. De Fryske taalkundigen sels hawwe harren wurk ek te min op de nasjonale en ynternasjonale podia presintearre.

Wurdt it Frysk polityk fertutearze?

Hoe dreech oft it is om taalbelied te ymplementearjen docht bliken út de gong fan saken om it ûndertiteljen fan gearkomsten hinne. Troch in rjochtline fan de Europeeske Uny en in regearingsbeslút moatte gearkomsten fan gemeenterieden, provinsjale steaten en wetterskippen fan 23 septimber 2020 ôf ûndertitele wurde om minsken mei in gehoarbeheining yn steat te stellen om kennis te nimmen fan dy gearkomsten.

Dy ûndertiteling kin efterôf dien wurde en in goed spraakwerkningsysteem soe dat automatysk dwaan kinne. Sa'n systeem, dat Frysk en Nederlânsk tagelyk werom ken, is wat jierren lyn al ûntwikkele, mar moat optimalisearre wurde om yn it gewoane libben brûkber te wêzen. Wy besykje al sûnt 2018 om dêr finansiering foar te krijen, mar dat falt net ta:

- Der is net in beliedsdokumint dat stelt dat Fryske spraaktechnologie in topprioriteit is en der is dêrom ek gjin streekrjocht jild foar reservearre.
- Underskate partijen moatte finansjele stipe tasizze: Fryske gemeenten, de provinsje en it Wetterskip Fryslân.
- It ryk soe syn ferantwurdlikens ek nimme moatte: it is in maatregel dy't troch de nasjonale oerheid oplein is, om de *earste* én *twadde* rykstaal hinne.
- Yn Fryslân binne ûnderskate bedriuwen ferantwurdlik foar it streamen en argivearjen fan de gearkomsten.

Wordt het Fries politiek verwaarloosd?

Hoe moeilijk het is om taalbeleid te implementeren blijkt uit de gang van zaken rond het ondertitelen van vergaderingen. Door een richtlijn van de Europese Unie en een regeringsbesluit moeten vergaderingen van gemeenteraden, provinciale staten en waterschappen vanaf 23 september 2020 ondertiteld worden om mensen met een gehoorbeperking in staat te stellen kennis te nemen van deze vergaderingen.

Die ondertiteling kan achteraf gebeuren en een goed spraakherkningsysteem zou dat automatisch kunnen doen. Zo'n systeem, dat Fries en Nederlands tegelijk kan herkennen, is enkele jaren geleden al ontwikkeld, maar dient geoptimaliseerd te worden om in het dagelijkse leven bruikbaar te zijn. We proberen daar al sinds 2018 financiering voor te krijgen, maar dat is niet eenvoudig:

- Er is geen beleidsdocument dat stelt dat Friese spraaktechnologie een topprioriteit is en er zijn daarom ook geen directe middelen voor gereserveerd.
- Verschillende partijen moeten financiële steun toezeggen: Friese gemeenten, de provincie en het Wetterskip Fryslân.
- Ook het rijk zou haar verantwoordelijkheid moeten nemen: het is een door de nationale overheid opgelegde maatregel, rond de *eerste* én *tweede* rijkstaal.
- In Fryslân zijn verschillende bedrijven verantwoordelijk voor het streamen en archiveren van de vergaderingen.

- Er is onvoldoende Fries getranscribeerd materiaal om de herkenner te trainen.
- En vooral: een deel van de betrokken overheidsinstanties wil het niet.



- Der is net genôch Frysk transkribearre materiaal om de werkenner te trainen.
- En benammen: in part fan de oanbelangjende oerheidsynstânsjes wol it net.

Hoewel in Súdwest-Fryslân 80% van de raadsvergaderingen in het Fries verloopt, vindt het college van Burgemeester en Wethouders het niet nodig om ondertiteling in het Fries te verzorgen. Ze gaan dat in het Nederlands doen, want iedereen begrijpt toch Nederlands.

Men ziet twee dingen over het hoofd. Ten eerste is het in strijd met de Nederlandse taalwetgeving: wat in het Fries gezegd wordt, moet in officiële stukken in het Fries weergegeven worden. Ten tweede, als men automatisch wil ondertitelen in het Nederlands, dan moet eerst het Fries naar het Nederlands vertaald worden, waarvoor je ook een herkenner nodig hebt. Een extra stap dus. Of gaat men alles handmatig blijven doen?

Maar het is ook een verkeerd politiek signaal, zeker als je weet dat de burgemeester van Súdwest-Fryslân Jannewietske de Vries is, voormalig provinciaal gedeputeerde taal en cultuur en gewezen voorzitter van het Network to Promote Linguistic Diversity. En dat zij op basis van haar maatschappelijke verdiensten voor het Fries tot lid van de Fryske Akademy benoemd is.



By de rjochtbank wurdt it Frysk ek net sa wichtich fûn, docht bliken út in artikel fan 28 febrewaris 2020 yn it Friesch Dagblad. Wittenskiplike ynsjoggen op dat mêd, taalwet, soargen fan belanghawwers en fûnemintele minskerjochten wurde fan kant skood. Om koart te kriemen, it taalbelied wurdt ûnfoldwaande droegen troch ynstânsjes dy't ymplementearje en útdrage moatte soene.

'Friestalige rechter nodig als verdachte Fries wil spreken'

• Enige Friese tolk: Fries voelt zich zonder Friestalige rechter niet op gemak

Jan Ybema

Leeuwarden | Bij rechtszaken waar bij een verdachte Fries wil spreken, moet gezorgd worden dat de rechter Friestalig is. Dat zei Fedde Dijkstra, de enige officieel geregistreerde tolk Fries, gisteren tijdens een bijeenkomst over Fries in de rechtspraak, georganiseerd door taaladviesorgaan Dingtiid.

„Oars fiele minsken har net genôch op har gemak om Frysk te praten. Dat fermim ik iderkear wer“, zei Dijkstra. „As rjochters Nederlânsk prate, dogge fertochten dat ek. Sels as ik har sis dat se gerêst Frysk prate meie, dogge se dat net.“ Terwijl er onder laaggeschoolden wel degelijk Friezen zijn die het Nederlands niet goed machtig zijn, is Dijkstra's ervaring. „Sels dan stuntelje se fierder yn it Nederlânsk. Se fiele har gewoan net frij om Frysk te praten yn sa'n formele omjouwing.“

Kinderrechter Sietse Kooistra, die

onlangs opviel door een beschikking deels in het Fries te schrijven, kon zich de gevoelens van de verdachten wel voorstellen. „Minsken kinne benaud wêze dat de rjochter se net goed begrypt, ek al seit er dat er Frysk ferstiet.“ Bovendien kunnen verdachten en hun verdediging bang zijn dat ze zichzelf benadelen door een punt te maken van het Fries, bracht Hannu Elzinga naar voren, bestuurslid van Dingtiid en strafrechtjurist.

As rjochters Nederlânsk prate, dogge fertochten dat ek, ek al prate se makliker Frysk

In de rechtspraak wordt het belang om je eigen moedertaal te kunnen spreken onderschat, stelden verschillende aanwezigen, onder wie tolken, mensen van slachtofferhulp en het

juridisch loket. „Ik kom tichter by de minsken en krij mear ynformaasje fan har, en, ek hiel belangryk, as in sitting yn it Frysk giet, wekt dat by de fertochten mear fertrouwen yn myn útspraak. It kreaarret draachflak foar it rjochtsysteem.“

Rekening houden met actieve beheersing van het Fries bij rechter zou lastiger zijn geworden door de schaalvergroting. „Wy fermimme de de posysje fan it Frysk in knau kriging hat troch de opskaling nei Noardderlân en it Hôf nei Arnhim-lj-wert“, stelde Henriette Reinstra het Juridisch loket.

Overigens wordt niet bijgehouden hoe vaak een verdachte Fries wil spreken en hoe vaak dat tot moeilijkheden leidt. In een memo van de rjochtbank uit 2017 wordt een schatting genoemd dat in 5 tot 10 procent van strafzaken in Leeuwarden Fries gesproken zou worden.

Gedeputeerde Poepjes toonde zich in de Staten nochtans hoopvol dat de positie van het Fries in de rechtspraak stap voor stap verbetert. Ze wijst ten slotte ook op de verantwoordelijkheid van de Friezen zelf en hun „selsbewustwêzen om har eigen taal te brûken“, ook voor het hekje

Ook bij de rechtbank vindt men het Fries niet zo belangrijk, blijkt uit een artikel van 28 februari 2020 in het Friesch Dagblad. Wetenschappelijke inzichten op dit terrein, taalwet, zorgen van belanghebbenden en fundamentele mensenrechten worden terzijde geschoven. Kortom, het taalbeleid wordt onvoldoende gedragen door instanties die het zouden moeten implementeren en uitdragen.




Wordt het Friese taal- en cultuurbeleid financieel verwaarloosd?

Op basis van een analyse van de uitgaven sinds 2012 en de prognoses tot 2024 kan het volgende vastgesteld worden:

1. Op dit moment wordt jaarlijks ongeveer 11 miljoen uitgegeven aan het Fries. Is dat veel? Wel, dat is 65 cent per inwoner van Nederland of 17 euro per inwoner van Fryslân – want volgens de wetgeving heeft het Fries enkel officiële erkenning binnen de provinciegrens.
2. Driekwart van de onderwijsbegroting voor het Fries komt uit provinciale middelen, bij het taalbeleid is dat zelfs 95%. Het grootste deel van de rijksbijdrage komt echter uit het Provinciefonds, de algemene financiering van de provincie door het rijk. Met andere woorden, de provincie krijgt een sigaar uit eigen doos. Het bedrag dat het rijk extra uitgeeft voor onderwijs en taalbeleid van de tweede rijkstaal, bovenop de reguliere middelen die de provincie krijgt, bedroeg in 2017 20 cent per inwoner van Fryslân. Maar er is hoop, in 2019 is het gestegen tot 50 cent!


Onderwijs



Wurdt it Fryske taal- en kultuerbelied finansjeel fertutearze?

Op basis fan in analyse fan de útjeften sûnt 2012 en de prognôazen oant 2024 kin it neikommende fêststeld wurde:


1. Op dit stuit wurdt alle jierren likernôch 11 miljoen útjûn oan it Frysk. Is dat in soad? Om krekt te wêzen is dat 65 sint de ynwenner fan Nederlân of 17 euro de ynwenner fan Fryslân – want neffens de wetjouwing hat it Frysk allinnich offisjele erkenning binnen de provinsjegrens.
2. Trijefearn fan de ûnderwiisbegroting foar it Frysk is provinsjaal jild, by it taalbeleid is dat sels 95%. It grutste part fan de ryksbydrage komt lykwols út it Provinsjefûns, de algemiene finansiering fan de provinsje troch it ryk. Mei oare wurden, de provinsje kriget in sigaar út eigen doaze. It bedrach dat it ryk ekstra útjout foar ûnderwiis en taalbeleid fan de twadde rykstaal, boppe-op it reguliere jild dat de provinsje kriget, wie yn 2017 20 sint de ynwenner fan Fryslân. Mar der is hoop, yn 2019 is dat omheech gien nei 50 sint!



Gemiddelde besteding Fries per jaar (%) (2016-2020)

3. De provinsje ynvestearret rynsk yn ûnderwiis, taalbeleid en wittenskip. De kommende jierren sil de provinsjale bydrage mear as in miljoen omheech gean, hoewol't "it smoar fan de bonken is". Dêrmei kin de provinsje, dy't it Frysk wol serius nimt, in fear yn de broek stutsen wurde.
4. De finansiering fan it wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer bestiet, konfoarm de Bestjoersôfspraak, út twa posten: de Fryske Akademy en de learstoel Frysk yn Grins. Dêr hat de ryksoerheid wol in grutter oanpart, mar de oerheidsbydrage nimt net ta en de (lichte) stiging fan it wittenskipsbudzjet wurdt hast hielendal troch de provinsjale oerheid droegen.

Budget wetenschap Friese taal en cultuur in miljoen €



Daarmee zijn we bij het budget van de Fryske Akademy aanbeland. In december 2019 heeft de provincie besloten dat budget tijdelijk met twee ton per jaar te verhogen. Van het rijk geen cent extra. Vijf jaar geleden heeft het rijk de Fryske Akademy zelfs twee ton gekort. Een korting die ironisch genoeg samenvalt met de erkenning als tweede rijkstaal. Van het totale FA-budget is slechts 1 miljoen beschikbaar voor wetenschappelijke onderzoekers en ICT-medewerkers op het gebied van taal en meertaligheid. Met externe financiering kunnen we dat wel aanvullen, maar dat wordt steeds moeilijker. Met 1 miljoen zouden wij zowel de taalinfrastructuur voor de gebruikers van het Fries, als de onderzoeksinfrastructuur moeten ontwikkelen en onderhouden. Met datzelfde miljoen moeten wij een Europees onderzoekscentrum rond meertaligheid runnen en worden we geacht onderzoek van internationaal topniveau uit te voeren en daarover te publiceren in wetenschappelijke toptijdschriften. En ja, men vindt ook dat we meer externe financiering moeten binnenhalen. Dat is geen onmenselijke, maar een onmogelijke opdracht.

**Dat is gjin ûnminsklike,
mar in ûnmooglike opdracht.**



Dêrmei binne wy by it budzjet fan de Fryske Akademy bedarre. Yn desimber 2019 hat de provinsje besletten om dat budzjet tydlik mei twa ton it jier te ferheegjen. Fan it ryk gjin sint ekstra. Fiif jier lyn hat it ryk de Fryske Akademy sels twa ton koarte. In koarting dy't iroanyskernôch gearfalt mei de erkenning as twadde rykstaal. Fan it folsleine FA-budzjet is mar ien miljoen beskikber foar wittenskiplike ûndersikers en ICT-meiwurkers op it mêd fan taal en meertaligens. Mei eksterne finansiering kinne wy dat wol oanfolje, mar dat wurdt jimmeroan dreger. Mei ien miljoen soene wy sawol de taalynfrastruktuer foar de brûkers fan it Frysk, as de ûndersyksynfrastruktuer ûntwikkelje en ûnderhâlde moatte. Mei datselde miljoen moatte wy in Europeesk ûndersykssintrum om meertaligens hinne op 'e fuotten hâlde en wurdt fan ús ferwachte om ûndersyk fan ynternasjonaal topnivo út te fieren en dêroer te publisearjen yn wittenskiplike toptydskriften. En der wurdt ek noch fûn dat wy mear eksterne finansiering ynhelje moatte. Dat is gjin ûnminsklike, mar in ûnmooglike opdracht.

Fryske Akademy: Taalynfrastruktuer en -ûndersyk

De learstoel Sosjolingwistyk, mei bysûnder omtinken foar de taalsituaasje yn Fryslân, hat in bân dy't net ferbrutsen wurde kin mei de Fryske Akademy, dêr't ûndersyk- en ûntwikkelwurk opboud is om trije tema's hinne dy't sterk mei-inoar ferbûn binne:

Tema 1: Taaldeskripsje en taalevaluaasje

Wy bûge ús oer it wittenskiplik beskriuwen fan alle fariëteiten yn Fryslân, fan hjoed en juster. It Frysk is de kearnzaak, mar de stúdzje derfan kin net loskeppele wurde fan de meertalige biotoop.

Wat dogge wy allegearre?

- Wy sammelje en ûntslute âlde en nije taaldata en meitsje dy tagonklik foar ûndersikers.
- Wy wolle fan ein gean mei in monitorkorpus hjoeddeisk Frysk, dêr't wy likegoed Nederlânsk as Frysk by sammelje, by de befolking én by offisjele ynstânsjes. Der is dêrby bysûnder omtinken foar de sosjale media en foar sprutsen Frysk.
- Wy meitsje in fonetyske beskriuwing fan it hjoeddeiske Frysk en brûke dêrfoar moderne fonetyske techniken.
- Wy ûntwikkelje it wittenskiplike basisark foar taalkundigen en frisisten. It Fryske leksikon is detaillearre beskreaun yn it

Fryske Akademy: Taalinfrastructuur en -onderzoek

De leerstoel Sociolinguïstiek, met bijzondere aandacht voor de taalsituatie in Fryslân, is onlosmakelijk verbonden met de Fryske Akademy, waar het onderzoek- en ontwikkelwerk is opgebouwd rond drie sterk met elkaar verbonden thema's:

Thema 1: Taalbeschrijving en taalevaluatie

We buigen ons over de wetenschappelijke beschrijving van alle variëteiten in Fryslân, in heden en verleden. Het Fries is de kernzaak, maar de studie ervan kan niet losgekoppeld worden van het meertalige biotoop.

Wat doen we zoal?

- We verzamelen en ontsluiten oude en nieuwe taaldata en maken die toegankelijk voor onderzoekers.
- We willen starten met een monitorcorpus hedendaags Fries, waarbij we zowel Nederlands als Fries verzamelen, bij de bevolking én bij officiële instanties. Er is daarbij bijzondere aandacht voor de sociale media en voor gesproken Fries.
- We maken een fonetische beschrijving van het hedendaagse Fries en gebruiken daarvoor moderne fonetische technieken.
- We ontwikkelen de wetenschappelijke basistools voor taalkundigen en frisisten. Het Friese lexicon is gedetailleerd beschreven in het 25-delige *Woordenboek der Friese taal*, de grammatica van het Fries in *Taalportaal*, allebei digitaal

toegankelijk. Hoog op onze wensenlijst staan een etymologisch woordenboek, woordenboek van het Oudfries en Middelfries en een historische grammatica. Een eerste versie van de Friese POS-tagger is sinds kort operationeel.

- We maken of helpen bij het maken van gratis taalhelpmiddelen zoals woordenboeken, spellingscontroles, automatische vertaling en spraakherkenning en onderhouden die. We werken daarbij inclusief (we accepteren dialectvarianten en *hollanismen*) en proscriptief (we geven advies over norm en variatie). Op dit ogenblik werken we aan een nieuw *Online Nederlands-Fries Woordenboek* dat medio 2023 klaar zal zijn.
- We maken onze taaldata en tools beschikbaar in één infrastructuur, de *Poarte ta it Frysk*, conform internationale standaarden en gekoppeld aan de Nederlandse infrastructuur.



25-dielige *Wurdboek fan de Fryske taal*, de grammatika fan it Frysk yn *Taalpoartaal*, allebeide digitaal tagonklik. Heech op ús winskelist steane in etymologysk wurdboek, wurdboek fan it Aldfrysk en Midfrysk en in histoaryske grammatika. In earste ferzje fan de Fryske POS-tagger is sûnt koart operasjoneel.

- Wy meitsje of helpe by it meitsjen fan fergese taalhelpmiddelen lykas wurdboeken, staveringshifkers, automatyske oersetting en spraakwerkenning en ûnderhâlde dy. Wy wurkje dêrby ynklusyf (wy akseptearje dialektfarianten en hollanismen) en proskriptyf (wy jouwe advys oer noarm en fariaasje). Op dit stuit wurkje wy oan in nij *Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek* dat healwei 2023 klear wêze sil.
- Wy meitsje ús taaldata en ark beskikber yn ien ynfrastruktuer, de *Poarte ta it Frysk*, konfoarm ynternasjonale standerten en keppele oan de Nederlânske ynfrastruktuer.



- Wy wolle fan ein gean mei in taalbarometer: in kontinu peilen fan taalgebrûk en taalattituden om ynsjoch te krijen yn de fitaliteit fan it Frysk en yn de hearskjende taalnoarms. In treflike kâns om de gearwurking mei it Fries Sociaal Planbureau foarm te jaan.

Tema 2: Taalfariaasje en taalferoaring

Wy ûndersykje hoe't it Frysk fariearret en feroaret en troch hokker ûnderlizzende meganismen oft dat stjoerd wurdt. Wy brûke dêrfoar de skreaune en sprutsen korpora en ûntwikkelje de laboratoariumsosjolinguijstyk. Dêr biedt it libbene laboratoarium Fryslân ek kânsen.

- Omdat it Frysk noch net lang lyn en dêrmei let standerdisearre is, steane de âlde skreaune boarnen folle tichter by it sprutsen Frysk út dy tiid as dat yn oare talen it gefal is.
- Wy ûntwikkelje it ûndersyk nei twatalige sosjo-geografyske fariaasje yn Fryslân. Yn gebieten dêr't minderheidstalen praat wurde, wurdt ek in mearderheidstaal praat. Wy sille dy ek dokumintearje, ûndersykje hoe't beide talen inoar beynfloedzje en hoe't dat op taalferoaring útrint. Wy hawwe dêrfoar al it Boarnsterhimkorpus.

Taalbarometer



Thema 2: Taalvariatie en taalverandering

We onderzoeken hoe het Fries varieert en verandert en door welke onderliggende mechanismen dit gestuurd wordt. We gebruiken daarvoor de geschreven en gesproken corpora en ontwikkelen de laboratoriumsociolinguïstiek. Ook hier biedt het levend laboratorium Fryslân kansen.

- Omdat het Fries pas laat gestandaardiseerd is, staan de oude geschreven bronnen veel dichterbij het gesproken Fries uit die tijd dan in andere talen het geval is.
- We ontwikkelen het onderzoek naar tweetalige socio-geografische variatie in Fryslân. In gebieden waar minderheidstalen gesproken worden, spreekt men ook een meerderheidstaal. We gaan ook die documenteren, onderzoeken hoe beide talen elkaar beïnvloeden en hoe dit tot taalverandering leidt. We hebben daarvoor al het Boarnsterhimkorpus.


- We ontwikkelen tools voor de analyse van uitspraakvariatie die voor alle talen gebruikt kunnen worden. Voor klinkers is er al Visible Vowels, iets gelijksoortigs is voor medeklinkers gepland.

Thema 3: De meertalige samenleving

Alles wat we doen, is in de Friese meertalige samenleving verankerd. Samen met de Rijksuniversiteit Groningen (inclusief de campus in Leeuwarden) en het lectoraat Meertaligheid en geletterdheid van NHL Stenden werken wij in het Multilingualism Laboratory Network aan een academische gemeenschap van meertaligheidsonderzoekers, met een bijzondere focus op het Fries.



- Wy ûntwikkelje ark foar de analyse fan útspraakfariaasje dy't foar alle talen brûkt wurde kin. Foar lûden is der al Visible Vowels, sokssawat is foar bylûden pland.




Klinkerplot visible vowels

Om het programma te gebruiken: visiblevowels.org

Tema 3: De meertalige maatskippij

Alles wat wy dogge, is yn de Fryske maatskippij ferankere. Yn de mande mei de Ryksuniversiteit Grins (ynklusyf de campus yn Ljouwert) en it lektoraat Meertaligens en letterfeardigens fan NHL Stenden wurkje wy yn it Multilingualism Laboratory Network oan in akademyske mienskip fan meertalichheidsûndersikers, mei in bysûndere fokus op it Frysk.

Taalverandering: op heterdaad betrappt



Voorbeeld:

De lju	dy't / dy	dêr	wenje
De mensen	die	er	wonen

De Friese betrekkelijke voornaamwoorden dy't, dêr't, wêr't en wa't eindigen op een t (spelling 't'), net als een reeks voegwoorden. Het verschijnsel lijkt in de tweede helft van de 19^e eeuw ontstaan te zijn en vanaf het midden van de 20^e eeuw schrijven grammaticus's deze vormen met t voor als Standaardfries. Enkele decennia later wordt vastgesteld dat de vormen met t aan het verdwijnen zijn. In een corpus van radio-opnames van Omrop Fryslân uit de periode 1966-2015 hebben we de uitspraak van de betrekkelijke voornaamwoorden in het gesproken Fries kunnen onderzoeken. In de grafiek geven we aan hoe vaak de t uitgesproken wordt (percentage op de verticale as). We combineren daarbij gegevens in de werkelijke tijd (opnames uit drie periodes, horizontale as) met gegevens in de schijnbare tijd (drie leeftijdsgroepen, lijnen). We zien in de eerste twee perioden dat de gemiddelde realisatie boven de 75% ligt in alle leeftijdsgroepen. In de eerste periode (1966-1982) realiseert de jongste groep de t het meest (97%) en de oudste groep het minst (74%). De jongste sprekers leiden dan nog de in de 19^e eeuw gestarte verandering van dy naar dy't, maar die is dan nog niet voltooid. In de tweede periode (1983-1999) zien we dat er nauwelijks verschillen zijn tussen de drie leeftijdsgroepen, en dat het gebruik van de t bij de jongste leeftijdsgroep duidelijk afgenomen is (van 97 naar 75%). Die daling zet bij de jongeren sterk door in de jaren 2000: de t wordt maar in 33% van de gevallen gerealiseerd, bij de twee oudere groepen (jongeren en middengroep uit de twee eerste periodes). Met dit onderzoek zijn we erin geslaagd een snelle omkering van taalverandering op heterdaad te betrappen en in beeld te brengen.

Dijkstra et al. (2019)

Mercator, het Europees kenniscentrum voor meertaligheid en taalleren van de Fryske Akademy, vormt de verbinding tussen onderzoek, beleid en praktijk, zowel in Fryslân als internationaal. De kaart met de Mercator regionale dossiers laat zien hoe sterk de Fryske Akademy verbonden is met andere minderheidstalen in Europa. Het werk rond minderheidstalen slaat ondertussen de vleugels verder uit, naar China, en naar Amerika. In het COLING project “Minor Languages, Major Opportunities”, worden ook studenten en medewerkers van de UU betrokken.

COLING

Deze leerstoel fungeert als verbindingsofficier tussen onderzoekers en studenten van de universiteit, tussen de taalsituatie in Fryslân en de Fryske Akademy en haar partners. De focus ligt daarbij op taalkundig onderzoek en bij uitbreiding op alle disciplines waarin taal een rol speelt (zoals literatuur, cultuur, geschiedenis, media, recht en zorg).

mercator

Mercator, it Europeesk kennisintrum foar meartaligens en taallearen fan de Fryske Akademy, foarmet de ferbining tusken ûndersyk, belied en praktyk, likegoed yn Fryslân as ynternasjonaal. De kaart mei de Mercator regionale dossiers lit sjen hoe sterk oft de Fryske Akademy ferbûn is mei oare minderheidstalen yn Europa. It wurk om minderheidstalen hinne leit ûnderwilens de swetten fierder út, nei Sina, en nei Amearika. Yn it COLING projekt “Minor Languages, Major Opportunities”, wurde ek studinten en meiwurkers fan de UU behelle.

Dizze learstoel fungearret as ferbiningsoffisier tusken ûndersikers en studinten fan de universiteit, tusken de taalsituaasje yn Fryslân en de Fryske Akademy en syn partners. De fokus leit dêrby op taalkundich ûndersyk en by útwreiding op alle dissiplinen dêr't taal in rol yn spilet (lykas literatuer, kultuer, skiednis, media, rjocht en soarch).



Laboratoariumsosjolinguiestyk

De learstoel wol de posysje fan de sosjolinguiestyk yn it Utertse ûnderwiis en ûndersyk ek fersterkje. Gearwurking mei oare dissiplinen is dêrby krúsjaal, ek foar de ûntwikkeling fan de *Laboratoariumsosjolinguiestyk*, dêr't wy ús yn it foarste plak by op fonetyske aspekten rjochtsje sille.

Utspraak

De útspraak fan it Frysk is de lêste 35 jier net ûndersocht. It is it grutte gat yn ús kennis fan it hjoeddeiske Frysk en dêr moatte wy driuwend wat oan dwaan. Wy moat dêrby net allinnich sjen nei de produksje, mar ek nei de persepsje fan klanken, likegoed yn it Frysk as in Nederlânsk, en dat yn ferbân bringe mei bygelyks taaldominânsje.

It Frysk hat neffens Taalportaal 43 lûden (nasale lûden net meiteld), it Nederlânsk 16. It Frysk hat dêrby trije soarten fan twalûden: delgeande (lykas yn *nij*), sintrearejende (lykas yn *stien*), en opgeande (lykas yn *ljocht*). En twa ûngelikense o's, dy't in trochsneed Nederlander of Flaming net útinoar hâlde kin. Fierdersoan is der noch in rige fan komplekse en fariabele fonologyske ferskynsels, lykas brekking, syllabisearring en

sokke sokken (zulke sokken)

kofjemolke (koffiemelk)

poppekopke (babyhoofdje)

holle holle (hol hoofd)

flok, flok (vloek, vlok)

folle falle (volle (muizen)val)

dezelfde klanken

Laboratoriumsociolinguïstiek

De leerstoel wil ook de positie van de sociolinguïstiek versterken in het Utrechtse onderwijs en onderzoek. Samenwerking met andere disciplines is daarbij cruciaal, ook voor de ontwikkeling van de *laboratoriumsociolinguïstiek*, waarbij we ons in de eerste plaats op fonetische aspecten zullen richten.


Utspraak

De uitspraak van het Fries is de afgelopen 35 jaar niet onderzocht. Het is het grote gat in onze kennis van het hedendaagse Fries en daar moeten we dringend wat aan doen. We moeten daarbij niet alleen kijken naar de productie, maar ook naar de perceptie van klanken, zowel in het Fries als in het Nederlands, en dit in verband brengen met bijvoorbeeld taaldominantie.

Het Fries telt volgens Taalportaal 43 klinkers (nasale klinkers niet meegeteld), het Nederlands 16. Het Fries heeft daarbij drie soorten tweeklanken: dalende (zoals in *nij* (nieuw)), centrerende (zoals in *stien* (steen)), en stijgende (zoals in *ljocht* (licht)). En twee verschillende o's, die een doorsnee Nederlander of Vlaming niet uit elkaar kan houden. Verder zijn er nog een

reeks complexe en variabele fonologische verschijnselen, zoals breking, syllabisering en nasalering. Zodra je de Friese fonetiek induikt, ontdek je al snel nieuwe dingen die laten zien hoe bijzonder en interessant het Fries is.

Een van de toestellen die we gebruiken bij het uitspraakonderzoek is de laryngograaf. Met de electroglottograaf kunnen we het trillen van de stemplooien meten, met de kleine drukmeter in de neusgaten en de piezo contactmicrofoon op de neusvleugel kunnen we de mate van nasaliteit registreren.



piezo contactmicrofoon

microfoon spraak

nasale drukmeter

electroglottograaf meten stembandtrilling

Laryngograaf




nasalearring. Op it stuit dat men de Fryske fonetyk yn dûkt, dan ûntdekt men al gau nije dingen dy't sjen litte hoe bysûnder en nijsgjirrich oft it Frysk is.

len fan de tastellen dy't wy brûke by it útspraakûndersyk is de laryngograaf. Mei de elektroglottograaf kinne wy it triljen fan de stimploaien mjitte, mei de lytse drukmjitter yn de noasters en de piezo kontaktmikrofoan op 'e noaswjuk kinne wy de mjitte fan nasaliteit registrearje.

Mei myn Paryske kollega Didier Demolin kaam ik der yn in fonetyksesje efter dat de lange lûden yn it Frysk meastentiids út twa stikjes besteane. It is amper te hearren en by myn witten hat nimmen net it opmurken foardat wy it dy deis obstrewearren. Wy hearden 'eat' barren en seagen it dêrnei ek yn it spraaksinjal. De Friezen sels hawwe der gjin oan fan, mar se moatte it wol oppikke, want it ferskynsel komt yn mear of mindere mjitte foar by alle Frysktalige praters dy't wy oan no ta ûndersocht hawwe.

Fisualisaasje fan de útspraak fan it wurd *dôf*. It lange lûd bestiet dúdlik út twa stikjes. Yn it boppeste part is te sjen dat de amplitude fan de lûdsweach yn de midden fan it lûd hookstrooks feroaret. It spektrogram sjocht der dan ynienen ek folle grizer út. By it sinjal fan de glottograaf (EGG) sjogge wy dat it twadde part fan it lûd glottalisearre wurdt. It ferskynsel liket nei besibbe te wêzen oan de *stød* dy't yn it Deensk foarkomt.



Visualisatie uitspraak *dôf*


Met mijn Parijse collega Didier Demolin kwam ik er tijdens een fonetiekssessie achter dat de lange klinkers in het Fries meestal uit twee stukjes bestaan. Het is nauwelijks hoorbaar en bij mijn weten heeft niemand het opgemerkt voor wij het die dag observeerden. Wij hoorden 'iets' gebeuren en zagen het vervolgens ook in het spraaksignaal. De Friezen zelf zijn zich nergens van bewust, maar ze moeten het wel oppikken, want het verschijnsel komt in meer of mindere mate voor bij alle Frialige sprekers die we tot nu toe onderzocht hebben.

Visualisatie van de uitspraak van het woord *dôf* (doof). De lange klinker bestaat duidelijk uit twee stukjes. In het bovenste deel is zichtbaar dat de amplitude van de geluidsgolf in het midden van de klinker plots verandert. Ook het spectrogram ziet er dan ineens veel grijzer uit. Bij het signaal van de electroglottograaf (EGG) zien we dat het tweede deel van de klinker geglottaliseerd wordt. Het verschijnsel lijkt nauw verwant te zijn met de *stød* die in het Deensk voorkomt.

Met dit type casussen uit het natuurlijke laboratorium Fryslân gaan we de laboratoriumsociolinguïstiek verder ontwikkelen, casusgericht of taalvergelijkend.



Mei dit type kasussen út it natuerlike laboratoarium Fryslân sille wy de laboratoariumsosjolinguiestyk fierder ûntwikkelje, kasusrjochte of taalferlykjend.



Sp: spraaksignaal.

Lx: EGG signaal (als de lijn snel op en neer gaat, vibreren de stemplooiën en is de klank stemhebbend).

Nx: piezo contactmicrofoon (vibratie neus).

NasalP: (luchtdruk neus).

1. Begin van de nasale klinker [ə]: de rode en lichtblauwe lijn laten zien dat er lucht door de neus stroomt.
2. Begin van de consonant [n].
3. Piek van nasale druk op het einde van [n], de mondholte wordt afgesloten en alle lucht ontsnapt via de neusholte.
4. Begin van [n], merk op dat de neusholte vibreert tijdens de klinker [i] (rode lijn), maar dat er geen lucht door de neus ontsnapt (blauwe lijn). De klinker is niet genasaleerd.
5. Einde van [n].

Flokke yn tsjerke

Ast laboratoariumsosjolinguiestyk seist, dan flokst eins yn tsjerke, en dochs... Om in tal fûnemintele fragen oer taalfariaasje en taalferoaring te beantwurdzjen, wolle wy 'yn in natuerlike habitat' mei mjittechniken út it laboratoarium en fia eksperimintele designs de kondysjes folle sterker kontrolearje, mar tagelyk it keunstmjittige fan dat soarte fan eksperiminten yndykje.

De laboratoariumsosjolinguiestyk bestudearret de fariaasje yn taalproduksje en persepsje, de wikselwurking tusken dy twa, de ferwurking en winning derfan en de feroaringen dy't dat yn gong set.

Konkreet giet dat sa:

1. Wy begjinne by ferskynsels dy't wy observearje yn in taalmienskip (bygelyks it opkommen fan de Goaiske r yn it Frysk, de Fryske stød, de nasale geminaat), dy't opdûke yn spraak- en tekstkorpora, en keppelje dy oan teoretyske fragen oer taalfariaasje en taalferoaring, lykas de rol fan bewustwêzen yn taalferoaringen en oft taalferoaring opstart wurdt troch goede imitatoaren.

Vloeken in de kerk


Als je laboratoriumsociolinguïstiek zegt, dan vloek je eigenlijk in de kerk, en toch... Om een aantal fundamentele vragen over taalvariatie en taalverandering te beantwoorden, willen we 'in een natuurlijke habitat' met meettechniken uit het laboratorium en via experimentele designs de condities veel sterker controleren, maar tegelijk het kunstmatige van dat soort experimenten indijken.

De laboratoriumsociolinguïstiek bestudeert de variatie in taalproductie en -perceptie, de wisselwerking tussen die twee, de verwerking en verwerving ervan en de veranderingen die daarmee gepaard gaan.

Concreet gaat dit als volgt:

1. We vertrekken van verschijnselen die we observeren in een taalgemeenschap (bijv. de opkomst van de Gooise r in het Fries, de Friese stød, de nasale geminaat), die opduiken in spraak- of tekstkorpora, en koppelen die aan theoretische vragen over taalvariatie en taalverandering, zoals de rol van bewustzijn in taalveranderingen en of taalverandering opgestart wordt door goede imitatoaren.

model variatie en verandering



2. We probere techniken te brûken en te ûntwikkeljen dy't foar de proefpersoon minder ingripend of belemmerend zijn. De laryngograaf is op dat vlak een grote stap voorwaarts en we zouden ook de mogelijkheden van virtual reality graag verkennen.
3. Indien relevant en mogelijk worden resultaten uit het laboratoriumonderzoek getoetst aan meer traditionele sociolinguïstische corpusdata.
4. Omdat het niet zo eenvoudig is om iemand uit Sexbierum of Anjum naar een lab in Leeuwarden – laat staan in Utrecht – te krijgen, moeten we met een mobiel lab naar de mensen toe.

Helemaal nieuw is de laboratoriumsociolinguïstiek natuurlijk niet. We hebben de eerste stappen twintig jaar geleden al gezet bij het onderzoek naar regionale variatie in de uitspraak van het Standaardnederlands. Enkele van mijn eigen promovendi en een oud-stagiair hebben de wegen al verkend. Ook internationaal zien we dat taalvariationisten steeds meer gebruik maken van dit soort technieken. We gaan dit nu concreet, dynamisch en interdisciplinair uitbouwen en op de onderzoeksagenda plaatsen.



2. Wy besykje om techniken te brûken en te ûntwikkeljen dy't foar de proefpersoon minder yngripend of behinderjend binne. De laryngograaf is op dat flak in grutte stap foarút en wy sille de mooglikheden fan virtual reality ek graach ûndersykje.
3. As it relevant en mooglik is, dan wurde resultaten út it laboratoariumûndersyk toetst oan mear tradisjonele sosjolingwistyske korpusdata.
4. Omdat it net sa maklik is en krij immen út Seisbierrum of Eanjum nei in lab yn Ljouwert ta – lit stean yn Utert –, dan moatte wy mei in mobyl lab nei de minsken ta.

Hielendal nij is de laboratoariumsosjolingwistyk fansels net. Wy hawwe de earste stappen tweintich jier lyn al set by it ûndersyk nei regionale fariaasje yn de útspraak fan it Standertnederlânsk. Guon fan myn eigen promovendy en in âld-stazjêr hawwe de wegen al ôftaast. Ynternasjonaal sjogge wy ek dat taalfariasjonisten hieltyd mear fan datsoarte fan techniken brûke. Wy sille dat no konkreet, dynamysk en ynterdissiplinêr útbouwe en op de ûndersykwurklist sette.

Hoe fierder?

Hoe kinne wy no de ambysjes dy't formulearre binne realisearje en de posysje fan it Frysk en de frisistyk fersterkje? Dêrfoar doch ik in oprop oan de frisistyk sels, oan kollega's en studinten en beliedsmakkers.

Fersterkje de frisistyk

Dat kin troch de frisistyk fan binnenút sterker te meitsjen. Kollega's Jensma en Versloot, lit ús fierder wurk meitsje fan in Ried foar de Frisistyk, dêr't wy net allinnich de hardcore frisisten yn gearbringe, mar alle wittenskippers mei niget oan de Fryske kasus. De frisistyk hâldt dêrby net op by de provinsjegrens, noch by de ryksgrens.

As Fryske Akademy moatte wy noch sterker de ferbining sykje mei taalkundich Nederlân. Der binne de lêste jierren al wat wichtige stappen set, lykas ús folweardich lidmaatskip fan de Landelijke Onderzoeksschool Taalwetenschap en it partnerskip yn CLARIAH-PLUS. Mei it Instituut voor de Nederlandse Taal en it Centre for Language en Speech Technology wurkje wy al langer gear. Ik tankje de kollega's foar it betrouwen en foar harren oprjochte niget oan de Fryske kasus, likegoed yn de takomst.

Hoe verder?

Hoe kunnen wij nu de geformuleerde ambities realiseren en de positie van het Fries en de frisistiek versterken? Daarvoor doe ik een oproep aan de frisistiek zelf, aan kollega's en studenten en aan de beleidsmakers.

Versterk de frisistiek

Dat kan door de frisistiek van binnenuit sterker te maken. Kollega's Jensma en Versloot, laat ons verder werk maken van een Raad voor de Frisistiek, waarin we niet alleen de hardcore frisisten samenbrengen, maar alle wetenschappers met belangstelling voor de Friese casus. De frisistiek houdt daarbij niet op aan de provinciegrens, noch aan de rijksgrens.

Als Fryske Akademy moeten we nog sterker de verbinding zoeken met taalkundig Nederland. Er zijn de laatste jaren al enkele belangrijke stappen gezet, zoals ons volwaardig lidmaatschap van de Landelijke Onderzoeksschool Taalwetenschap en het partnerschap in CLARIAH-PLUS. Met het Instituut voor de Nederlandse Taal en het Center for Language en Speech Technology werken we al langer samen. Ik dank de kollega's voor het vertrouwen en voor hun oprechte belangstelling voor de Friese casus, ook in de toekomst.

Kom naar Fryslân

Collega's en studenten, ik hoop dat ik jullie heb laten zien dat er een fascinerend taallaboratorium aan de andere kant van de Flevopolder of de Afsluitdijk ligt. Ik nodig jullie uit om de komende maanden en jaren af en toe, of nog eens, te komen buurten (onder de Dom in Utrecht of de Oldehove in Leeuwarden). Voor de studenten uit Fryslân voeg ik nog toe: verberg jullie afkomst niet en denk eens goed na over wat je met de Friese casus zou kunnen doen, zowel tijdens je studie als daarna. Mag ik u, meneer de rector magnificus, oproepen om de plannen voor een mobiel laboratorium voor taal- en spraakonderzoek financieel te ondersteunen. Het zou een geweldige impuls zijn voor deze leerstoel, de frisistiek en het Utrecht Institute of Linguistics. Deze leerstoel brengt Fryslân naar de Universiteit Utrecht en de Universiteit Utrecht naar Fryslân. Maar met de fiets, zoals in de eerste dagen van de dialectologie, lukt dat niet meer.



Kom nei Fryslân

Kollega's en studinten, ik hoopje dat ik jimme sjen litten haw dat der in fassinearjend taallaboratoarium oan de oare kant fan de Flevopolder of de Ofslútdyk leit. Ik nûgje jimme út om de kommende moannen en jierren fan en ta, of nochris, del te kommen (ûnder de Dom yn Utert of de Aldehou yn Ljouwert). Foar de studinten út Fryslân heakje ik der noch oan ta: moffelje jimme komôf net wei en tink der nochris goed oer nei wat jimme mei de Fryske kass dwaan kinne soene, ûnder en nei de stúdzje. Mei ik jo, menear de rektor magnifikus, oproppe om de plannen foar in mobyl laboratoarium foar taal- en spraakûndersyk finansjeel te stypjen. It soe in trefliken ympuls foar dizze learstoel wêze, de frisistyk en it Utrecht Institute of Linguistics. Dizze learstoel bringt Fryslân nei de Universiteit Utert en de Universiteit Utert nei Fryslân ta. Mar mei de fyts, lykas yn de earste dagen fan de dialectology, slagget dat net mear.

Stypje de twadde rykstaal

Mar, dat is allegearre net mooglik sûnder ekstra jild en stipe út de oerheden wei.


- Hef it territorialiteitsprinsipe op. Frysktaligen moatte likegoed bûten de provinsje Fryslân harren earste taal brûke kinne yn kontakten mei de nasjonale oerheden en it is de plicht fan de nasjonale oerheid om dat rjocht te fasilitearjen.
- Meitsje in Fryske taalakademy mei oan it haad in profesjonele taalskipper, dy't it taalbelied ynspirearret, koördinearret en ymplementearret, soarchferantwurdlikheid hat foar de taalhelpmiddels Frysk en beliedsstypjend ûndersyk entamearret en finansieret.
- Untwikkelje in langetermynfyzje foar it Frysk, oant 2050.
- Ynvestearje sa gau mooglik en rynsk yn de Fryske taalynfrastruktuer en de ûntwikkeling fan de Frysk taal- en spraaktechnologie.
- Ynvestearje yn it wittenskiplik ûndersyk en ûnderwiis nei it Frysk. Allinnich op dy wize kin Fryslân him fierder ûntjaan as kennisregio mei ekspertize oangeande it Frysk yn in meartalich perspektyf.

Steun de tweede rijkstaal

Maar, dit alles is niet mogelijk zonder extra middelen en steun vanuit de overheden.

- Hef het territorialiteitsprincipe op. Friestaligen moeten ook buiten de provincie Fryslân hun eerste taal kunnen gebruiken in contacten met de nationale overheden en het is de plicht van de nationale overheid dit recht te faciliteren.
- Creëer een Friese taalacademie met aan het hoofd een professionele taalschipper, die het taalbeleid inspireert, coördineert en implementeert, zorgverantwoordelijkheid heeft voor de taalhelpmiddelen Fries en beleidsondersteunend onderzoek entameert en financiert.
- Ontwikkel een langetermijnvisie voor het Fries, tot 2050.
- Investeer zo snel mogelijk en fors in de Friese taalinfrastructuur en in de ontwikkeling van de Friese taal- en spraaktechnologie.
- Investeer in het wetenschappelijk onderzoek en onderwijs naar het Fries. Enkel op die manier kan Fryslân zich verder ontwikkelen als kennisregio met expertise ten aanzien van het Fries in een meertalig perspectief.


Nu:



Als het rijk de financiële verantwoordelijkheid echt zou delen met de provincie, 2 x 20 euro per Fries, dan kunnen we deze plannen wel realiseren.



Takomst?



As it ryk de finansjele ferantwurdlikens wier diele soe mei de provinsje, 2 x 20 euro de Fries, dan kinne wy de plannen wol realisearje.

Tankwurd

Ik tankje elkenien dy't deroan meiwurke hat dat dizze learstoel der kommen is.

In spesjaal wurd fan tank foar it FAF, it Frysk Akademyfûns, is dêrby op syn plak. Tanksij dat fûns bin ik net lykas Buitenrust Hetteema in privaatdosint wurden.

Ik tankje alle kollega's mei wa't ik de lêste desennia gearwurke of harsenskrabbe haw en wa't my ta de wittenskipper én minsk makke hawwe dy't ik no bin. Sels de wichtichsten, binne der te folle om op te neamen.

Ik neam wol yn it bysûnder:

- De begelieders fan myn dissertaasje, kollega's Hagen, Gerritsen en Van Hout.
- De kollega's, gastûndersikers en frijwilligers fan de Fryske Akademy, foar de ynspiraasje en kennis, foar jimme passy foar it Frysk en de Friezen en it feit dat jimme altyd kear steane om te skewielen, likegoed yn net altyd like maklike omstannichheden.
- Myn alve promovendi, dy't myn ûndersykshert oan it klopjen holden hawwe, likegoed doe't ik ûnder it ûnderwiis bedobbe siet.
- En, de tûzenen studinten, mei wa't ik yn dat ûnderwiis myn passy foar taal en taalfariaasje diele mocht.

Dankwoord

Ik dank iedereen die aan de totstandkoming van deze leerstoel heeft meegewerkt.

Een speciaal woord van dank gaat daarbij uit naar het FAF, het Frysk Akademyfûns. Dankzij dit fonds ben ik niet zoals Buitenrust Hetteema een privatdocent geworden.

Ik dank alle collega's met wie ik de afgelopen decennia samengewerkt of van gedachten gewisseld heb en die me tot de wetenschapper én mens gemaakt hebben die ik vandaag ben. Zelfs de belangrijkste, zijn er te veel om op te noemen.

Ik vermeld wel in het bijzonder:

- De begeleiders van mijn dissertatie, kollega's Hagen, Gerritsen en Van Hout.
- De collega's, gastonderzoekers en vrijwilligers van de Fryske Akademy, voor de inspiratie en kennis, voor jullie passie voor het Fries en de Friezen en het feit dat jullie altijd klaar staan om een handje toe te steken, ook in niet altijd even gemakkelijke omstandigheden.
- Mijn elf promovendi, die mijn onderzoekshart kloppend hebben gehouden, ook in tijden dat ik overstelpt was met onderwijs.
- En, de duizenden studenten, met wie ik in dat onderwijs mijn passie voor taal en taalvariatie heb mogen delen.

Ik haw sein.
Ik heb gezegd.



Mear lêze oer Fryslân, it Frysk en de frisistyk

Meer lezen over Fryslân, het Fries en de frisistiek

Bremmer, Rolf H. jr., Riemer Janssen & Oebele Vries (red.) (2020). *De takomst fan de frisistyk. Tradysje en fernijing*. Groningen/Grins: Frysk Institút RUG/Stifting FFYRUG.

Bruinsma, Ernst, Alpita de Jong & André Looijenga (red.) (2018). *Swallows and Floating Horses. An Anthology of Frisian Literature*. London/Londen: Francis Boutle Publishers.

Corporaal, Joke (2018). *Zolang de boom bloeit. Korte geschiedenis van de Friese literatuur 800-heden*. Gorredijk/De Gordyk: Bornmeer en Leeuwarden/Ljouwert: Tresoar.

Dijkstra, Jelske, Wilbert Heeringa, Emre Yilmaz, Henk van den Heuvel, David van Leeuwen & Hans Van de Velde (2019). Language change caught in the act: a case study of t-deletion in Frisian relative pronouns. In Juan Andrés Villena-Ponsoda et al. (eds.), *Language variation – European Perspectives VII*. Amsterdam: John Benjamins. 81-101.

Jonkman, Reitze J. & Arjen P. Versloot (2013). *Fryslân, land van talen, een geschiedenis*. Leeuwarden/Ljouwert: Afûk.

Munske, Horst H. et al. (red.) (2001). *Handbook of Frisian Studies*. Tübingen: Max Niemeyer Verlag.

Schroor, Meindert et al. (2016). *Nieuwe encyclopedie van Fryslân*. Gorredijk/De Gordyk: Bornmeer en Leeuwarden/Ljouwert: Tresoar.

De fjouwer/vier taalsurveys

Pietersen, L. (1969). *De Friezen en hun taal: een onderzoek naar de lees- en spreekgewoonten in Friesland en naar de houding ten aanzien van het Fries*. Leeuwarden/Ljouwert: Fryske Akademy.

Gorter, Durk, Gjalt H. Jelsma, Pieter H. van der Plank & Klaas de Vos (1984). *Taal yn Fryslân*. Leeuwarden/Ljouwert: Fryske Akademy.

Gorter, Durk & Reitze J. Jonkman (1995). *Taal yn Fryslân. Op 'e nij besjoen*. Leeuwarden/Ljouwert: Fryske Akademy.

Klinkenberg, Edwin, Nika Stefan & Reitze J. Jonkman (2018). *Taal yn Fryslân. De folgjende generaasje*. Leeuwarden/Ljouwert: Fryske Akademy.

Digitaal

afuk.frl – organisaasje om de Fryske taal te befoarderjen / instituut ter bevordering van de Friese taal

fame.frl – oer de spraakwerkenner / over de spraakherkenner

frisian.eu – Fryske taaldata en helpmiddels foar ûndersikers en ûntwikkelders / Friese taaldata en helpmiddelen voor onderzoekers en ontwikkelaars

fryske-akademy.nl – wittenskiplike ûndersyksynstelling / wetenschappelijke onderzoeksinstelling

fryslan.frl/bestjoersofspraak-fryske-taal-en-kultuer – bestjoersôfspraak / bestuursafpraak tussen Rijksoverheid en provincie Fryslân

fryslan.frl/cultuur-taal-en-onderwijs – belied provinsje Fryslân / beleid provincie Fryslân

taalhelp.frl – Fryske digitale taalhelpmiddels, apps en games / Friese digitale taalhelpmiddelen, apps en games

taalportaal.org – wittenskiplike kennisbank oer grammatika fan it Frysk, Nederlânsk en Afrikaansk / wetenschappelijke kennisbank over grammatica Fries, Nederlands en Afrikaans

taalweb.frl – helpmiddels foar it Frysk skriuwen / helpmiddelen voor het Fries schrijven

tresoar.nl – argyf en bibleteek fan Fryslân / archief en bibliotheek van Fryslân

wetten.overheid.nl/BWBR0034047 Ryksoerheid – wet gebrûk Fryske Taal / Rijksoverheid – wet gebruik Friese Taal

